

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	Avine Fokkens
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Op it krúspunt fan de provinsjale wei N369 mei de Reitsmastrjitte en de Betonwei yn De Harkema hawwe de lêste jierren ferskate ûngelokken west.¹ Yn tsjinstelling ta oare krúspunten yn de N369 is oant no ta net de kar makke om it krúspunt yn De Harkema feiliger te meitsjen.²</p> <p>Pleatslik belang fan De Harkema wol graach dat it krúspunt oanpakt wurdt om dêrmei it tal ûngelokken nei ûnder te krijen.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Is it kolleezje bekend mei de situaasje op it krúspunt N369-Betonwei-Reitsmastjitte yn De Harkema?2. Hat it kolleezje in folslein oersjoch fan de ûngelokken dy't yn de ôfrûne jierren op de it krúspunt west hawwe? Wol it kolleezje dy sifers mei ús diele?3. Is it kolleezje ree om nei in feilige oplossing foar it krúspunt te sykjen, bygelyks mei in 'ovonde' of in 'bajonet'? As dat it gefal is, op wat termyn soe dy oplossing dan oanlein wurde kinne en hat it kolleezje in rûge skatting fan de kosten? Sa nee, wêrom net?
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP Wopke Veenstra
Datum	18 desimber 2020

¹ Alarmeringen.nl: 28 augustus 2020, 'Ongeval met letsel op Betonwei in Harkema', 4 augustus 2020, 'Ongeval met letsel op Betonwei in Harkema', 3 maart 2020, 'Ongeval met letsel op Reitsmastrjitte in Harkema', 5 desimber 2019, 'Politie zonder spoed naar Betonwei in Harkema', 18 july 2019, 'Ongeval met letsel op Betonwei in Harkema', 12 july 2019, 'Ongeval met letsel op Betonwei in Harkema', 22 juny 2019, 'Ongeval met letsel op Betonwei in Harkema'. Sjoch fierder ek: WaldNet.nl, 11 juny 2020, 'Auto in botsing met bestelbus in Harkema'; VeenstraMedia, 18 july 2019, 'Gewonden bij verkeersongeval op de kruising bij Harkema'; 112Fryslân, 14 jannewaris 2015, 'Een gewonde bij aanrijding op de Betonwei'; 112Fryslân, 10 july 2011, 'Twee gewonden bij ongeval met motor'; 112Fryslân, 26 april 2011, 'Ongeval tussen auto en veegwagen';

² It krúspunt N369-Reitsmastrjitte-Betonwei is net opnaam yn de lêste ferzje fan it *Utfieringsprogramma Ferkear en Ferfier 2021*.